

# Durk fan Penjum ta in oantinken

yn 't perk do breed yn 't blauwyt achtery  
keningen by de kwea beselskipjend  
& ien each stiif taknypt  
foar better sicht

wêrom wol ik witte oft dat de bedelte  
wie fan húns it op 'e romte yn jellum-bears  
of ûnder de flagge op it swartgiele fjild fan arum

op 'e seis op 'e dea  
in keatser yn 'e krânsen sil net belies jaan  
tsjin de ferjitnis as 't safier is

dyn horloazjes artefakten achter glês  
steane stil mar blinke  
de ien net goudener as de oare  
al dy bewizen fan ear  
it wie gau dien  
wy keatse net mear

foar bêst naam ik in oanrin tocht hy sil om 'e bliksem sitte  
akselerearre sette ôf & kaam lós fan 'e grûn  
& de bespuide bal ferliet myn hân stuts mei gong  
yn in kurve oer it nimmenslân  
deldonderjend dêr't er woe  
tuskenyn  
koest 'm net rikke

(Earder publisearre yn *Farskrift* 08, tema 'Sport', 2004.)

soe ik yn 'e kriich fan in fers as dit  
no't ik nochris oan 'e stuit stean  
op sokken te roppen fan wat soesto  
dy sa'n bal de weareld út slaan litte

lêstlyn in stekker  
gliest út achtery  
it wie dyn tiid net om wei

wat my heucht is it perk  
sinneskyn  
flagge  
simmerwyn –

Abe de Vries



Durk de Haan.  
(Foto: Keatsferiening "Jan Reitsma" te Penjum)